doarpke
jan. 2010



# Útnoeging



**Woansdei 13 jannewaris 2010 noegje wy jimme út om mei ús in nijjiersslokje te drinken.**

* 20.00 oere -> Wolkom en kofje.
* 20.30 oere -> Wy spylje foar jimme it earste bedriuw.
* 21.30 oere -> Ien nijjiersslokje oanbean troch de toaniel feriening Fuort mar los.

Dêrnei in geselliche neisit



Oan't sjen   Fuort Mar Los



FOLLE LOK EN SEINE
FOAR 2010
*
*
FUORT MAR LOS

# AS IT BLOED MAR BLAU IS

Healwiis blijspul yn trije bedriuwen
Nei " Familie is ook niet alles"
Fan Bernard Bruinhof
Fryske oersetting fan R. B. Smeding

Yn Fryslân leit in moai doarpke, it moaiste doarpke fan de hiele wrâld. Yn dit prachtige doarpke is in kafé, in wrâld winkel, in slachter, in bensinepomp, in doarpshûs en noch folle mear.
Sûnt koarten is dêr ek it gemeentesecretariaat (skriuwerskip?) kommen. Nimmen ferfeelt himsels yn dit doarp. Nimmen? Nee, spitich genôch ferfeelt de frou fan de Gemeentesecretaris harsels ôfgryslijk.
Dêrom had sy in ûnbekinde baron útnoege foar in besikje.
En dan ha jo de poppen oan it dûnsjes!
De baron blykt in oplichter te wêzen en dêr komme noch folle mear frjemde figueren op besite.
In eigenwiise, fereale jongfeint dy't krekt docht of't hy de soan fan de baron is, in skriuwster dy't har ferhalen net sels betinkt, in stotterjende gemeente ambtner dy't toch net in spion is, twa jongfammen dy't goochemer binne dan dat se der út sjogge, in swabberende wurkster dy't.............
Koart sein, it stik giet oer minsken dy't oars binne dan dat se harren foardogge.
Lokkich binne der ek noch minsken dy't wol harsels binne: de ryke widdo is echt in bemuoisuchtich minske (en mem) en net ien hat in koarter lontsje dan de gemeente secretaris.
Of dit blijspul goed ôfrint?
It makket net út, want AS IT BLOED MAR BLAU IS..............

<u>Nederlandse vertaling.</u>

In Friesland ligt een mooi dorpje, het mooiste dorp van de hele wereld. Dit prachtige dorp heeft een kafé, een wereldwinkel, een dorpshuis, een benzinepomp, een slachter en nog veel meer. En sinds kort is ook het gemeentesecretariaat in het dorp gevestigd. Niemand in dit dorp verveelt zich. Echt helemaal niemand? Nee, jammer genoeg verveelt de vrouw van de gemeentesecretaris zich gruwelijk en zij nodigt daarom een onbekende baron uit voor een bezoek. En dan heb je de poppen aan het dansen. De baron blijkt een echte oplichter en er komen nog meer vreemde figuren op bezoek. Een eigenwijze, verliefde jongeman die doet alsof hij de zoon van de baron is, een schrijfster die haar teksten niet zelf bedenkt, een stotterende gemeenteambtenaar die toch geen spion blijkt te zijn, twee jongedames die verstandiger zijn dan ze eruit zien, een zwabberende werkster die .... Kortom, het stuk gaat over mensen die zich anders voordoen dan ze zijn. Gelukkig zijn er ook mensen die wel gewoon zichzelf zijn. De rijke weduwe van de worstfabrikant is echt een vreselijk bemoeizuchtige moeder en niemand, maar dan ook helemaal niemand, heeft een korter lontje dan de gemeentesecretaris. Of dit blijspel goed afloopt? Dat maakt niet uit, want ALS HET BLOED MAAR BLAUW IS..........

# It lêste nijs.....

Dit kear gjin eamelstikje fan Willemke Stikjesgriemer, mar gewoan fan **Fuort mar los**.Ha jim in bytsje genoten op 13 maart? Wy ha in soad reaksjes hawn en allegearre posityf, dus wy meie wol sprekke fan in tiige slagge jûn !

It toaniel begûn fansels al by de doar, it is mar de fraach of eltsenien syn jas wol wer werom kriig......we ha hjir noch in swarte stola lizzen.Die frou is fansels stjerrende binaud west foar die frjemde froulju fan de garderobe! En dan die lakeien....as je tafallich “de Boer “hjitte, dan bin’ je fêst troch sa’n persoan yn’e hoeke triuwn. D’er stiene op in stuit allegearre “de Boeren “by inoar en die doarden der net wei! En dan die twa griezels, mei harren sulveren jaskes, oan elkoar bun troch in grut keatling ! En ús “ober “dy’t sûnder blikken of blozen syn bestellinkjes rounbrocht....sels al hiene je neat besteld ! Ja, it wie dizze kear echt wat oars.

It stik “As it bloed mar blau is “, wie in echt âlderwetsk blijspul. We hoopje dat jim lekker lake ha en trots binne op jim famyljeleden dy’t op’e planken stiene.Dat we in soad wille mei elkoar ha, koene jim wol sjen.Soms wol eris tefolle , sadat je it leitsjen net hâlde kin en dan krij je samar in tút op’e snút !Wat wie dat moai net? Wy wolle noch eris alle minsken betankje dy’t ús holpen ha om er sa’n slagge jûn fan te meitsjen.Ik ha se 13 maart allegear by namme neamt,dus dat doch ik no net, allinnich de jongsten: Mick de Bruin-fotograef en Jesse Eringa-lûdsassistent. Sokke mannen bin’ oer in oantal jierren “berops “.

**Takom toanieljier wolle wy twa ienakters opfiere:** foar it skoft in ienakter troch de jongerein en nei it skoft in ienakter troch de âlderen. Soks liket ús geweldich en it is foar de jeugd DE kâns om toaniel te spyljen:je ha fuort net in hiele lape tekst, it duorret net sa lang en tegearre mei oaren fan je eigen leeftiid ha je in soad wille ! Nei ôfrin fan it stik op 13 maart,ha we al in pear enthousiaste oanmeldings krigen: *Gabriella Bouma, Anneke Zijlstra, Tsjerkje Posthuma en Rick Stoffelsma*. En wa folget ?As it heal kin moatte der noch in pear jonges by .Ik soe sizze ...meld dy oan, allinich of mei in ploechje, doch it gewoan !!! Ek foar de ienakter fan de “âldere jeugd” wolle we fansels graach nije spilers .( âlde meie fansels ek, mar dat begipe jim wol ) Dit is de kâns om eris alle remmen los te smiten.....

**Opjaan kin by Ria Dijkstra, til. 331973 of** ria_dijkstra@live.nl

Dan noch in lêste meidieling: ***woansdei 26 maaie ha wy ús jierlikse ledengearkomste*** yn it kafee om 8 oere jûns.Eltsenien is wolkom fansels.Spilers en âld-spilers krije in persoanlike útnoeging (mei aginda) thús besoarge. Dat wie it, ik hoopje wat fan jim te hearren en oars oant sjen. De groetnis fan Fuort mar los.

Ria Dijkstra, skriuwster.

doarpskrite maaie 2010


DE SKRIUWER


DE GASWACHT


IN WIJNTSJE

FREED 18 MAART [19.00] EN SNEON 19 MAART [20.00]
SPILET YN KAFEE BERGSMA

# FUORT MAR LOS

## SPILERS

AKKE VELDMAN, BEREND SANTEMA, BOUDEWIJN KRAMER, ELISABETH BREEUWSMA, IDA DE BOER, LOLKE BOUMA, MEILE KUIPER, RIA DIJKSTRA, RIGT BERGSMA, SIBOLT BOUMA, SIFRA OKKEMA, SJOUKE SCHILSTRA, THEO DE JONG, YPE TIEMERSMA

REZJY : FRIEK KOSSE & MATTIE DIJKSTRA

PRESINTAASJE : BAUKJE DE JONG & THEO JELSMA

LUD : JAN BOUKE BOUMA

GRIME : COCKY SIDERIUS

YNSTEKSTER : ANNEKE ZIJLSTRA & GREET BOUMA

LJOCHT : PAUL DE BRUIN

DEKOR : GERLOF DIJKSTRA & THOM VELDMAN

FOTOGRAFIE : MICK DE BRUIN

### KAARTEN & VRIJKAARTEN

DE ENTREE IS € 7,50 VOOR EEN VOLWASSENE EN € 3,00 VOOR KINDEREN. DE KASSA IS OP VRIJDAG OPEN VANAF 18.30 EN OP ZATERDAG VANAF 19.30. IEDEREEN DIE GEBRUIK MAAKT VAN DE AUTOMATISCHE OVERSCHRIJVING [ € 7,50 = 1 VRIJKAART EN € 12,50 = 2 VRIJKAARTEN ] KAN ZIJN VRIJKAARTEN AFHALEN EEN HALF UUR VOOR HET BEGIN VAN DE VOORSTELLING.

**WOLKOMWOLKOMWOLKOMWOLKOMWOLKOMWOLKOMWOLKOM**

# UTNOEGING FUORT MEI FUORT MAR LOS



Wy geane fuort op **sneon 15 maaie 2010**.

Hoe let? Dat witte wy noch net krekt, mar gean der mar fanút dat jimme yn it begjin fan de middei earne ferwachte wurde en dat it hiel let wurde kin. Wy fersoargje sa no en dan foar it 'natje en droogje', dat dêr hoe jim' net oer yn te sitten. Wat wy krekt dwaan gean... ja dat soene jimme wol witte wolle, dat is noch in ferrassing. Wat der yn de beurs moat?... dat krije jimme yn in oar berjocht troch. Dat... set it gau yn jimme aginda en wachtsje dan mar wer op it folgjende nijs.

---

Mattie en Hinke